

Lietmeditaasje by Gesang 415

Peaske 2003

Gemeente fan Jezus, us Hear

It bruken fan de Fryske taal yn tsjerke wie lang net mooglik.
Frysk yn tsjerke waard beskouwte as unfertsoenlik. Minsken wienen sa went oan it Nederlansk yn tsjerke dat Frysk net tinkber wie.
God soe it ek wol net ferstean, sa wie de gedachte.

En ik fertink eigenliks de dummy's derfan, dat se de haadskuldigen binne yn it tsjinhalden fan de Fryske taaal yn tsjerke.
Ik tink dat in protte tsjerkegongers der yn harren hert wol foar wienen, mar in protte dummy's hawwe it tsjinhalden.

Mei de nije Fryske Bibeloersetting en 25 jier lyn it ferskinen fan it Frysk Lieteboek is in grutte sprong makke. De fryske tsjerken hawwe meielkoar de skouders derunder setten, om de waardigheid fan de Fryske taal yn de liturgy fan de tsjerken werom te bringen.

En hjoeddedei sil der weinich tsjerken mear weze, dy't gjin fryske tsjinsten halde.
Iksels haw der altyd in protte genoegen oan belibbe.
De taal is sa eigen it is de taal fan us hert, en it is de taal dy't wy de hiele dei troch bruke.

Yn myn wurk as dummy haw ik it altyd fremd foen, dat ik al myn wurk yn it frysk dwaan koe, behalve de sneinse earetsjinst.
En ik haw murken dat foaral by begraffenissen de Fryske taal faak brukt wurde koe.
En hoefolle trouwpearke haw ik moete, dy't kieze foar in Fryske trouwboek.

It behald fan it Frysk hat fansels alles te krijen mei it feit dat wy trots binne op us taal.
Mar it behald fan us taal hat ek te krijen mei it feit dat yn de hjoeddeiske wrald de lytse taalgebieden hieltiid mear under druk komme. Wy kinnen hjoeddedei de hiele wrald oersjen, troch de tillefjize. En dertroch wurdt it opkommen foar lytse lannen en lytse talen hieltiid wichtiger.

Gemeente, de God fan Israel, de heit fan Jezus, ferstiet alle talen. Je kinne ek sizze, God ferstiet mar ien taal, en dat is de taal fan it hert.
Dus: Wa't syn hert sprekke lit dy sil troch God ferheard wurde.
En wa't syn hert sjonge lit dy sjongt lof oan de Skepper fan himel en ierde.

Feestlik wurdt derom yn dizze wiken it 25jierig bestean fan it Frysk Lieteboek fiert.
It frysk Lieteboek, dat in bisunder plak krigen hat yn us hert en yn us tsjerken.

Asto God fyne wolst, sprek en sjong dan yn de taal fan dyn hert.
Dat is de oprop dy't ik jim hjoed mei jaan wol ek fanut de Skriften.

Bruk de taal fan dyn hert.

En it mooie fan psalmen en gesangen is dat dertroch de dichters us helpe om te sjongen yn de taal fan us hert.

As der gjin dichters wienen dan soene wy nea de wurden fyne kinne om God lof te sjongen. Dizze tsjinst mei derom ek in tsjinst fan tankberens weze foar de dichters yn us lanstreek.

Der wienen yn de jieren santich ek in protte klachten oer it liedboek en it lieteboek. It soe tefolle traditoneel weze, temin nije lieten, gjin lieten foar bern en jongerein, in bytsje alderwets. Nei 25 jier binne dy klachten nog net wei.

En de klachten binne ek wol terjochte fyn ik.

Net foar neat binne der in protte nije lieten kommen neist it liedboek.

Der is altyd wer ferlet fan, om ek nije generaasjes it sjongen te learen.

En no bin ik by in punt fan soarch.

Op de legere skuolle learde ik alle wiken in Psalm of Gesang ut'e holle.

Dat wie op alle kristlike skuollen sa.

Mar dat is neffens my net mear gebruklik.

By it fieren fan 25 jier lieteboek meie wy wol oan it wurk gean mei de fraach, hoe't wei nije generaasjes fertrouwt meitsje mei de taal fan it liuwen. Hoe leare wy jongerein om mei de taal fan harren hert Gods lof te sjongen. Dit is huswurk foar de hjoeddeiske tsjerken en foargongers.

Lit us hoopje dat nije generaasjes krekt safolle treast fyne yn psalmen en gesangen as wysels.

Lit us der ek foar bidde, dat jongerein de taal fan it hert sprekke sille, dat se God fyne sille.

Mar hjoed fiere wy yn't foarste plak.

25 jier Frysk lieteboek.

25 jier dichters dy't us foargeane

25 jier sjonge yn de memmetaal.

Wat in feest!

Wy fiere Peaske, 50 dagen lang is it Peaske, gemeente.

En Peaske is it feest fan it liet.

Dat Kristus de dea oerwun, dat bringt us oan it sjongen!

De lofsang stiet cintraal yn dizze tiid fan Peaske.

Libben sterker as de dea. Hosanna!

Peaske driuwt us om te sjongen yn de taal fan us hert.

Mar wy binne net de earsten dy't dat dogge.

Wy hawwe dat sjongen leart fan Israel, it folk troch God utkeazen en befrijd.

Derom wol ik yn de dizze tsjinst it efangeelje ferkundighe troch yn liet-meditaasje. En dat liet sille wy aanst sjonge it is gesang 415 ut it Lieteboek. Jim hawwe de tekst derby, lit us ris sjen wat it bliid boadskip is fan dit liet.

Adriaan Valerius skriuw yn de 17e ieuw it liet: Komt nu met zang.
Valerius wie berne yn Middelburg en hy skriuw dit liet by de betinking fan de befrijing fan Middelburg ut de spaanske besetting.
De freugde spat dan ek ut'e tekst as dizze dichter syn eigen sted besjongt en Gods lof derby.

De oersetting fan dit gesang yn it frysk is fan Fedde Schurer.
De melody is in saneamde 'rondedans', fleurig.
Dit liet sjonge betsjut dat it hert der blier fan wurd.

Mar wat stiet der no einliks yn dit liet.

As wy it liet trochnimme dan blykt it haadtema: De tankberens foar wat God docht yn de skiednis fan de minsken.
Sa't God Israel befrijd en fernijd hat, sa is God yn alle tiden dwaande om heil en ljocht te bringen.

Dit liet hat yn it foarste plak yn tige posityf Godsbyld.
God is bringer fan heil en ljocht, God is sinneskyn, hy stiet ys by, hy stjoert lok en seine.

It liet is derom ek in protest, in protest tsjin it tinken yn de 17e ieuw dat God net allinich it goede mar ek it kweade oer us bringt.
Iksels bin der ek fan oertsjoege dat God allinich mar bron fan it goede is.
It kweade sa lear ik yn it boek Genesis, it kweade, dat komt foarl ut de herten en gedachten fan de minsk, en dat neame wy dan mar de duvel.

Mar God is goed. Syn goedens is de ein fan wei sjongt in Psalm.
Sa liuw ik yn God. En ik hoopje jim ek.
Want sa is us God ek betrouber west yn de skiednis.

Hoe't de loft som tsjuster like, hjoed is it kleare sinneskyn.
Duorst do ek sa te liuwen?
Duorst do, as it tsjuster wurden is yn dyn libben, of tsjuster yn dyn hert, duorst do dan dochs dy fest te halden oan de goedens fan God?
Duorst do it fertrouwen te behalden, wat der ek bart yn dyn libben?

Gemeente dit is de utdaging der't wy yn us liuwen foar steane.
Gods goedens heechhalde, wat der ek bart.
Gods goedens heechhalde wat minsken elkoar ek oandogge.
Gods goedens heechhalde dwers tsjin alle pine yn.

Der is moed foar needich en liuwen. Mar it is mooglik. Wy binne de earsten net dy't it redde troch Godsfertrouwen. Party minsken binne us foargongen yn it fertrouwen op God.

Lit us dy wei dan ek mei fertrouwen gean, gemeente.

En as wy dat fertrouwen driigje kwyt te reitsjen, lit dan de dichters de taal fan us hert wekker meitsje, en sjong fan dat betrouwen. Sjong yn dyn memmetaal, sjong yn de taal dy't dyn hert rekket, sjong fan Gods goedens der't de ein fan wei is.

It is sa needich gemeente, want wer soenen wy weze, en wer soe dizze wrald bedarje as Gods goedens net mear oer dizze ierde lizze soe.

De wrald soe ferlern gean!

De lieten fan Adriaan Valerius binne midden yn de twadde wraldkrieg bondele en utjoun. Krekt yn dy tiid, under de besetting fan de Dutsers wienen de lieten fan Valerius oer it skeinde heitelan yn grutte inspiraasje.

Dy besetting en de befrijging derfan betinke wy ek de kommende dagen.

Lit us yn dy dagen us net skamje foar us taal, lit us us net skamje foar it efangeelje, dat seit yn de wurden fan Valerius: Nei alle need en noed, stjoert God syn lok en seine.

Fedde Schurer, de fertaler fan dit liet, wenne yn dy oarlochsjiere yn it hartsje fan Amsterdam en der wie hy tsjoege fan it geweld fan de besetter, fan de deportaasjes en fan de honger en ellende.

Wa better dan hy hat fielt wat Valerius bedoelde.

Wy moetsje God yn us eigen taal.

Wy moetsje God dy't bron fan goedens is, alle dagen wer.

Wy moetsje God dy't net ferantwurdelik is foar de oarlochen dy't wy minsken begjinne.

Wy moetsje de barmhertige God, dy't al fanof it begjin de God fan befrijing is.

Dy God yn us eigen taal lof te sjongen is in foarrjocht en in ear.

Klink no us liet fleurich fan tonge!

AMEN